

Kastanjes yn myn hantsje,  
 kastanjes yn in pantsje.  
 Bakke bakke bakke boekje:  
 hjir hast in kastanjekoekje

*kastanjes pakke*  
*kastanjes yn in pantsje dwaan*  
*it pantsje in bytsje hin en wer bewege*  
*it 'koekje' oan ien jaan*

### **Suggestjes**

- De bern betinke litte wat se meitsje wolle.
- Der kin ek getallen brûkt wurde, bgl. 5 kastanjes yn myn hantsje

### **Fariaasjes**

- Ynstee fan kastanjes kinne ikels, nuten of bledsjes brûkt wurde.
- Der kin ek cake, taartsjes, tee of brij makke wurde. It ferske feroaret dan bgl. yn:

Ikels yn myn hantsje,  
 ikels yn in pantsje.  
 Bakke bakke bakke beek:  
 hjir hast in stikje ikeltsjecake.

Nuten yn myn hantsje,  
 nuten yn in pantsje.  
 Siede siede siede see:  
 hjir hast in kopke nutetee.

Bledsjes yn myn hantsje,  
 bledsjes yn in pantsje.  
 Siede siede siede sij:  
 hjir hast in boardsje bledsjebrij.